

1 Iepenjen

Us foarsitter Gosse van der Plaats iepent om 13.30 oere de gearkomste. Der binne 71 besikers oanwêzich.

De foarsitter ferwolkomet de sprekster Elly Pacanda-Bolier en de minsken fan it Wytfean en de minsken dy't besibbe binne oan de famylje Benedictus.

Nei de gearkomste is der romte om ûnderling gegevens út te wikseljen.

2 Meidielingen en ynkommen stikken

It jierferslach oer 2019 is klear en stiet op 'e side It is in goed lêsbere ferhaal. It tal besiker fan de gearkomsten wurdt stadichoan mear (ferline jier +16%) wylst it tal leden weromrint. It bestjoer docht in oprop om stiper fan de Akademy te wurden en dan ek lid fan ús wurkferbân.

3 Ferslach fan 2 novimber 2019

Net behannele.

4 Elly Pacanda-Bolier oer de Menisten fan it Wytfean en de famylje Benedictus.

Oanlieding foar frou Pecanda wie ûnder oaren de fraach: Fan wa bin ik der ien.

Dizze middei sil se eat fertelle oer har oanpak fan it ûndersyk, de famylje Benedictus en it Wytfean.


De oanlieding foar it ûndersyk wie it ferhaal dat de Benedictussen ôfstamme soene fan flechtlingen út Switserlân dy't harren op it Wytfean nei wenjen set hiene.

Yn de literatuer komt net altyd in posityf byld fan de

menistegemeente fan it Wytfean nei foaren. It byld is dat fan in tige behâldende gemeente, dy't it kontakt mei de bûtenwrâld sa folle mooglik út 'e wei gie.

De âldste foarâlder fan de Benedictussen is Tobias Gaukes 1543-1616. Syn soan is Michiel Tobias 1575-1636. Dan folget Jesk Michiels, dy't trout mei Benedictus Naenes 1617-1656. Hy wie in menist en in man fan oansjen.

Sytse Benedictus Hoekstra wie in achterbernsbern fan Benedictus Naenes. Dizze Sytse wie meniste foargonger op it Wytfean. Seis fan syn soannen waarden foargonger by behâldende menistegemeenten as Alde Flamingen, Jan Jacobsgezinden en Danziger Alde Flamingen.



Yusken 1600 en 1620 komme de earste húshâldingen op it Wytfean te wenjen. It wie in feangebiet en hja wiene ferfeanters.

Wiene it Switserse flechtlingen? De menistegemeente wie behâldend. Foar 1790 wiene der allinne mar leafdeprekers, pas dernei giene der ek teologen foar.



Yn Switserlân ûntstie oan de ein fan de midsiuwen in doperske beweging. Alttäufer yn Langenau. Ek de reformator Zwingli wie foarstanner fan grutdoop. De doperske beweging is net tastien en ferspried him ûndergrûnsk. Der binne ek bannen mei de beweging fan opstannige boeren. Hja wurde dan ek Schweizer Brüder neamd. Michael Sattler (1490-1528) bringt mear ienheid yn de doperske beweging. Skaaimerken fan dizze beweging binne dan: grutdoop, it libjen ôfsûndere fan de wrâld, it net swarren fan in eed, it net dragen fan wapens, it fieren fan it nachtmiel mei allinne doopten, de ban en mijding fan wa't net nei de regels fan de mienskip libbet. De stêd Straatsburg wurd al gau in taflechtsoarde foar de dopers. Melchior Hoffmann bringt de Schweizer Brüder der yn kontakt mei Menno Simons en de Schweitzer Brüder wurde dan ek Mennoniten.

Hoe't de Schweizer Brüder op it Wytfean komme is net alhiel dúdlik. Gong it fia Straatsburg, of Emden of kamen hja streekrocht út Switserlân?

De namme Benedictus wiist op in mooglik Roomske komôf. Soe it te krijen ha mei ien fan de kleasters yn 'e omkriten? Der is

oer de famylje Benedictus al in protte útsocht, mar der binne noch de nedige fragen der't noch ûndersyk nei dien wurde kin.

6 Omfreegjen

Net ien hat wat foar it omfreegjen.

7 Sluten

De foarsitter dielt mei dat der 15 febrewaris in lêzing is by de NGV dêr't de hear Wilschut oer it genealogyprogramma GensDataPro wat fertelle sil..

Op 14 maart komme wy as wurkferbân mei de NGV by inoar foar de mienskippelike gearkomste..

Rinse Spits